

Oerprintsels út
In skiednis fan 'e Fryske taalkunde

ûnder redaksje fan

Anne Dykstra
en
Rolf H. Bremmer Jr

Fryske Akademy – Ljouwert – 1999

XII Westerlauwerskfryske dialektology

Arjen Versloot
Fryske Akademy
Ljouwert

1 Ynlieding

1.1 Omskriuwing fan it begryp 'dialektology'

Dialektology kin mei in inge definysje omskreaun wurde as 'wittenskip dy't him dwaande hâldt mei de bestudearring fan de romtlike ferskillen tusken taal-farianten' (Faeldeman, 1992; 117).

Yn 'e praktyk is dialektology folle rommer as dy omskriuwing. Dat hat te krijen mei in tradysje dy't op syn minst 200 jier tebek giet en syn woartels hat yn in maatskippij dy't bestie út in grutte plattelânsbefolking mei in folle legere mobiliteit as hjoed de dei. 'Dialekt' wie de taal fan de miene lju yn de doarpen en de legerein yn 'e stêden, dy't dêr meast al fan team op team húsmannen. Dialekt hie dus:

- 1) in romtlike betsjutting: de taal fan dat plak,
- 2) in sosjologyske: de taal fan de miene lju en legerein,
- 3) in histoaryske: de taal fan de oarspronklike ynweners.

De hjir neamde betsjuttingen fan dialekt rinne yn 'e praktyk trochinoar. Dêrfandinne ek de ûnderskate trochinoarrinnende soarten fan dialektology. Sa wurde syngroane stúdzjes fan de oarspronklike taal fan in doarp of stêd ta dialektology rekkene, wylst se neat mei romtlike fariaasje te krijen hawwe.

Om romtlike fariaasje beskriuwe te kinnen moat men winliken earst stúdzje meitsje fan inkelde doarps- of stedsdialekten. As dialektology boppe de beskriuwing fan in doarps- of stedsdialekt útgiet en de romtlike sprieding deryn behelle wurdt, wurdt it feitlik synonym oan dialektgeografy.

Foar in yngeande beskriuwing fan de teoretyske grûnslaggen en metoaden fan de dialektology kin ferwiisd wurde nei de rige boeken oer taalwittenskip dy't útjûn binne by Walter de Gruyter: *Dialektologie* (Besch, e.o., 1982), *Sprachgeschichte* (Besch, e.o., 1984), *Wörterbücher* (Hausmann, e.o., 1990) en *Soziolinguistik* (Ammon, e.o., 1987).

1.2 Fryske dialektology

De bestudearring fan de Fryske dialekten is oant no ta amper systematysk oanpakt. De wittenskiplju hawwe de ynternasjonale ûntjouwings yn it taalûndersyk wol folge, al komme de nijere ûntjouwings al wat oan 'e krapperein.

Streamings yn de taalwittenskip en technyske ûntjouwings hawwe laat ta it feroarjen fan de dialektology. It is net sa dat lju út eardere streamings hielendal gjin erch hienen yn saken dy't yn lettere streamings teoretysk útboud waarden, mar elke streaming lei syn eigen klam. Sa hie in 'Junggrammatiker' as Siebs wrychtich wol troch dat guon foarmen wreiden en oaren ferdwûnen, mar om't hy benammen yn diagroany ynteressearre wie, joech er soks amper omtinken. Pas Hof wie de earste dy't der systematysk omtinken oan joech.

Nêst de teory is der it basiswurk, dat wol sizze it optekenjen fan de fonology, grammatika en wurdskat fan de dialekten. Dat lêste wurk giet eins noch altiten troch.

De ynstitúsjonele bestudearring fan de dialekten, yn wêzen allinnich oan de Fryske Akademy, hat him benammen útlein op it sammeljen fan de dialektwurdskat fan de dialekten dy't it fierst fan it Standertfrysk ôfstean: Skiermûntseach (Fokkema, 1968), Hylpen (Blom, 1981), Skylge (Roggen, 1976 en 1980, Wichien-Schol, 1986). Oan de leksikografy fan de net-Fryske streektalen yn Fryslân wurdt ek hurd wurke: It Amelân (Oud, 1987), Ljouwert (V.d.Burg, 1991), Stellingwerven (Bloemhoff, 1994; gjin Akademyprojekt), it Biltsk (Buwalda, e.o., 1996), de oare stedsdialekten (Duijff, 1998). In nij wurdboek fan it Skiermûntseagersk is ûnderweis. Foar it *Wurdboek fan de Fryske Taal* (1984-) binne in protte wurden yn skriftlike enkêtes ôffrege yn it hiele taalgebiet. Dy enkêtes binne kartografysk ûntsletten en yn in database opslein.

De Fryske dialektology hat sûnt 1968 al in tige oersjoch fan de literatuer fan foar dy tiid (Århammar, 1968).

Hjirnei folget in oersjoch fan de stúdzje fan de Fryske dialekten sûnt begjin 19de ieu, oan 'e hân fan de wichtichste ynternasjonale taalwittenskiplike streamings. Der wurdt besjoen hokker ynfloed dy streamings yn de frisistyk hân hawwe en hokker ûndersyk dêrút folge is. Earst wurdt yn it koart it doel fan de streaming en syn gefolgen foar de dialektology neamd. Dêrnei folget in besprek fan wichtige frisistyske literatuer. De yndieling fan de Fryske dialekten, as útkomst fan in synteze fan ûndersyk, rint as in reade trie troch de besprekken hinne.

2 De Fryske dialektology yn ferhâlding ta ynternasjonale taalkundige streamings

2.1 Romantyk

Yn de romantyk waarden dialekten ûntdutsen as folweardige taalfariëteit nêst de skriuwtaal. Yn de folkstaal en -kultuer wie neffens de Romantisy in soad bewarre bleaun dat streekrjocht út in fier en skier ferline stamde. De stúdzje fan dialekten wie as ûndersyk fan de folkstaal ûnderdiel fan de taalkunde. In apart fakgebiet 'dialektology' mei eigen metodiken bestie net.

De dialekten yn Nederlân waarden yndield op grûn fan de stammen fan Saksen, Franken en Friezen, wylst ferskillen binnen dy dialekten yn ferbân brocht waarden mei stammen út de Romeinske Tiid, lykas Chauken en Kaninefaten.

Joast Hiddes Halbertsma wie in typyske fertsjinwurdiger fan de romantyske streaming. Halbertsma bestudearre de Fryske dialekten foar it skriuwen fan syn *Lexicon Frisicum* (1872). Breuker (1973, noat 117, ek 121 en 142) jout in oersjoch fan Halbertsma syn opfettings oer de yndieling fan de Fryske dialekten. Halbertsma ûnderskied it Súdwesthoeksk mei Hylpersk, Molkwardersk en Warkumersk, fierders it Skiermûntseagersk, it Stedsk en it Lânfrysk. Dan neamt er de dialekten fan Hylpen, Molkwar en it 'Eilandsch' as 'van één taal'. It Skylgersk ûntbrekt yn dat rychje, mar mei 'eilandsch' sil ek it Skylgersk bedoeld wêze (faaks hat er Skylge net neamd om't Skylge doe by Noard-Hollân hearde). In ferdieling fan it Lânfrysk jout er net.

Halbertsma hat yndertiid in wurdlist oersetse litten troch de pleatslike doornys fan West-Skylge en Molkwar (Miedema, 1983; 72). Lang nei de romantyk hat Steenmeijer-Wielenga (1972; 89-94) it âlde Westers njonken it Westers set sa't Knop (1954) dat hat. Sa't de ferliking sjen lit, binne de ferskillen net grut.

Hiel oars is it betoerd mei it dialekt fan Molkwar. Yn 'e midden fan de foarige ieu koenen it dialekt fan Molkwar en Hylpen noch as farianten fan ien dialekt beskôge wurde. Sûnt dy tiid is Molkwar oerskeakele op in foarm fan Súdwesthoeksk, sa't dat ek yn Koudum praat wurdt (Miedema, 1983).

Winkler kin men ek ta de romantyske streaming rekkenje. Sa lêst men yn syn *Algemeen Nederduitsch en Friesch Dialecticon* oer it dialekt fan Skiermûntseach (1874; 454): 'Zoo bleven de edele vrije Friezen op Schiermonnikoog vrij van vermenging en verbastering met de Saksen; zij behielden onbesmet hun volksaard, zij bleven hun oude friesche taal zuiver en rein spreken.' Dit sitaat is in goed foarbyld fan hoe romantysk Winkler tsjin dialekten oanseach. Hy rekkene it Skiermûntseagersk nammers ta it Easterlauwerske Frysk.

2.2 'Junggrammatiker'

It idee fan in histoaryske taalkunde dy't konsekwinter as earder útgiet fan regelmjittige lûdkorrespondinsjes bestie al sûnt Bopp (1816) en Grimm (1822), mar waard goed útboud troch de 'Junggrammatiker'. Har teory is de taalkundige delslach fan it naturalisme, in rasjonele tinkwize ûnder ynfloed fan de natoerwittenskippen, dy't yn termen fan in meganyisk oarsaak en gefolch rekene, lykas Marx foar de skiednis die. Yn dy opfetting koenen de lûden yn elk dialekt streekrjocht út eardere taalstadia ôflaat wurde mei help fan 'lûdwetten'. Elk dialekt hie sa syn eigen ien op ien relaasje mei in âlder taalstadium. Diatopyske fariaasje waard wol opmurken, mar wie allinnich nijsgjirrich om diagroane relaasjes oan te toanen. Alhoewol't dialekten wakker bestudearre waarden, wie de bestudearring fan fariaasje yn 'e romte net in doel. De metoade wie diagroan en lûdhistoarysk. Dialekten waarden yndield op grûn fan mienskiplike lûdûntjouwings, wêrby't lûden op har Westgermaansk komôf werombrocht waarden.

It haadwurk fan de neogrammatikale dialektology fan it Frysk is Siebs syn *Geschichte der friesischen Sprache* (1901), in útwurking fan syn eardere *Zur Geschichte der englisch-friesischen Sprache* (1889). Hy ûnderskied trije haaddialekten yn it Westerlauwerske Frysk: Hylpersk, Skiermûntseagersk en de oare dialekten (1901; 1173-1174). De earste twa kippe der neffens him bot út. It Skiermûntseagersk neamt er: 'rein westfriesisch'. De rest fan it Westerlauwersk Fryske taalgebiet ferdielt er yn Klaaifrysk, Wâldfrysk, Súdwesthoeksk en Skylgersk. De grinzen tusken de trije dialekten op de fêstewâl komme fierhinne oerien mei dy't Hof letter lûkt. It âlde Utingeradiel en Haskerlân rekkenet er ta it Wâldfrysk, wylst it earste by Hof by it Klaaifrysk heart, it twadde by it Súdwesthoeksk. It dialekt fan Ljouwerteradiel en Ferwerderadiel dielt Siebs by it Klaaifrysk yn, wylst er de Dongeradielen ta it Wâldfrysk rekkenet.

It dialekt fan West-Skylge is neffens Siebs ing besibbe oan it Súdwesthoeksk en it Aasters oan de dialekten fan Warkum en Makkum. It is typysk foar syn genetyske opfetting fan dialektferskaat dat er de ferbannen tusken de Skylger en Súdwesthoekske dialekten ferklearret troch oan te nimmen dat de Skylgers oarspronklik út de Súdwesthoeke wei komme soenen.

Miedema hat yn 1958 skreaun oer it ferbân tusken de dialekten fan Skylge, de Súdwesthoeke, Hylpen en Skiermûntseach. Halbertsma (sj. 2.1) en Winkler (1874; 436) wize al op it ferbân tusken it Hylpersk en de rest fan de Súdwesthoeke en Miedema is dêr ek yn ferskate publikaasjes op yngien (1972/1986). Miedema (1958; 202) hellet de teoryen fan Van Ginneken oan dat de dialekten fan de eilannen en it Súdwesthoeksk oerbliuwsels wêze soenen fan it Fryske taalgebiet op de iggen fan de folle lytsere Flevomar, letter de Sudersee. Dy gebieten binne yn de 13de ieu yn see ferdwûn. Mar it binne net allinnich dy dialekten dy't der útkippe. It dialekt fan Makkum ferskilde earder mear noch

as no fan it Frysk fan it efterlân. Fierder kipte it dialekt fan de Bjirmen (Pitersbierrum, Seisbierrum, Easterbierrum) der ek wat út, lykas de doarpen yn noard-eastlik Dongeradiel.

De teory fan it Flevo-Frysk moat as romantysk optinksel fansiden skood wurde. Men kin hjir better it oars net altyd like betroubere wurk fan Markey (1981; 175) sitearje, dat oer al dy opfallende ôfwikings seit: 'Nevertheless, orientation was toward the sea, not the land, and this accounts for the distinctive nature of the coastal dialects'. It feit dat de kustplakken rjochte wiene op see, makke dat se oan de fernijings yn it efterlân net, of minder hurd meidiene. Yn in protte gefallen giet it om wurden en ferskynsels dy't by de tsjinwurdige generaasjes hurd weiwurde.

Tige fan belang is Hoekema syn hifkjen fan Siebs syn optekenings út 1886 (1969, 1970). Siebs jout in smite materiaal, benammen ek yn syn te min rieplachte *Geschichte der englisch-friesischen Sprache* (Siebs, 1889), mar de notaasje is gauris wat nuver. Hy hat as Noarddútsjer net by steat west beskate ferskillen yn it Westerlauwersk Frysk te hearren. Hoekema (1970; 198) besprekt dy gefallen. As men datsoarte saken ienkear wyt, foarmet it materiaal fan Siebs in belangrike boarne út de 19de ieu (1886) foar hiel Westerlauwersk Fryslân.

Knop (1954) jout in wiidweidige fonologyske, morfologyske en lûdhistoaryske beskriuwing fan it Westers en Aasters op Skylge, útgeande fan syn eigen Westersk dialekt. De Boer (1950) hat it dialekt fan Hylpen syngroan en taalhistoarysk ûndersocht. De taalhistoaryske ynterpretaasjes fan beide moatte hoeden ynterpretearre wurde.

Spenter hat de wurdskat fan it dialekt fan Skiermûntseach behannele yn in lûdhistoarysk ûndersyk (1968). Mei't er alle wurden apart behannelet en in bulte ferlikingsmateriaal út oare dialekten opnimt, is it feitlik in lûdhistoarysk-etymologysk wurdboek fan it Westerlauwersk Frysk wurden. It boek is út it Lânfrysk wei tagonklik makke troch Hoekema (1979b).

In krityske opmerking moat hjir lykwols makke wurde oer it rekonstruearre fokaalsysteem fan it Aldwesterlauwersk Frysk by Spenter. It liket benammen de útkomst fan it weromprojektarjen fan ferskillen yn it moderne dialekt yn de tiid. De útkomst, in langfokaalsysteem fan 5 triemmen, kin amper kontemporêr bestien hawwe. Der moat yn party gefallen sprake wêze fan kombinatoaryske farianten.

It Stedsk hat syn histoarysk-fonologyske monografy fan Fokkema (1937) *Het Stadsfries*. Yn dat boek wurdt de taal fan Ljouwert besprutsen. It ienichste Lânfrysk dialekt dat in lûdhistoaryske monografy hat, is dat fan Mitselwier (Kloosterman, 1907).

2.3 Dialektgeografy

Earst mei it opkommen fan de dialektgeografy wurdt dialektology it ûndersyk nei romtlike fariaasje en as sadanich binne dialektgeografy en dialektology dan synonym. Mei help fan lûd- en wurdkaarten krigen ûndersikers yn 'e rekken dat lûdwetten net 'ausnahmslos' wienen: tink oan it ferneamde *hûs-mûs* foarbyld fan Kloeke. Ut de kaart fan *hûs* en *mûs* yn it Nederlânsk en Frysk die bliken dat de lûdgrinzen fan wurden, dy't neffens de lûdwetten yn itselde skift foelen, op 'e kaart net gearfoelen (sj. Weijnen, 1991; 24-34). Boppedat seach men op de kaarten de relaasje tusken taalkundige ferskynsels oan 'e iene kant en alderhande topografyske eleminten, lykas wegen, bergen, rivieren, stêden, mar ek politike en bestjoerlike yndielings, faak ek histoarysk, oan de oare kant. Sa waard de bestudearring fan dialekten keppele oan sosjaal- en fysysk-geografyske ferskynsels. Dialekten waarden yndield op basis fan isoglossen. Op in plak dêr't in soad isoglossen rinne, is sprake fan in dúdlike dialektgrins. Wat mear isoglossen, wat grutter it ferskil (ferl. König, 1978; 138-143). Kloeke hat yn 'e Nederlânske dialektology mei syn teory fan de Hollânske ekspânsje grutte ynfloed hân. De *û-û*-wikseling is dêryn it 'Leitmotiv'. Hof besteget yn syn *Friesche Dialectgeographie* (1933) in grut part oan dy *û-û* wikseling.

De yndieling fan de Lânfryske dialekten, sa't er hieltiten wer ferskynt yn alderhande boeken en stúdzjes, komt fan J.J.Hof en is wiidweidich beskreaun en definiearre yn syn *Friesche Dialectgeographie* (1933), it haadwurk fan de Fryske dialektology. Nêst de dialekten fan de eilannen en Hylpen, dêr't it noait in poepetoer fan west hat om se te ûnderskieden (sjoch ek Halbertsma syn yndieling), dielt Hof it Lânfrysk yn yn trije haaddialekten: it Súdhoeksk, it Wâldfrysk en it Klaaifrysk.

In swierrichheid dêr't Hof wat mei oanklaud siet, wie it dialekt fan Dongeradiel, Ferwerderadiel en noardlik Ljouwerteradiel, it Noardklaaifrysk. De skaaimerken dy't neffens him it Wâldfrysk fan it Klaaifrysk skiede, hat it Wâldfrysk mienskiplik mei it Noardklaaifrysk. Fan it Noardklaaifrysk seit Hof (s.3): '...want terwijl deze in den grond Kleifriesch is, houdt ze juist ten opzichte van de a l g e m e n e verschillen tusschen Klei- en Woudfriesch de zijde van de laatste'. Dêrom dielt er it Noardklaaifrysk yn by it Wâldfrysk.

Hof hat sels de beheining fan syn yndieling wol sjoen, mar sa't dat gauris giet: as der ienkear linen op it papier steane, libje dy har eigen libben en sa komt it dat wy dy yndieling oeral wer sjogge, bgl. by Århammar (1968) en op Daan har kaart dy't yn de Atlas van Nederland ferskynde (los útjûn as Daan, 1969). Fierder dûkt de yndieling op yn alderhande koarte ynliedings oer it Frysk. Markey (1981; 174-187) jout fjouwer haaddialekten, dus mei it Noardklaaifrysk, lykas Sjölin (1969; 55, mar wer net op it kaartsje, dat út Århammar (1968) wei komt).

In geef foarbyld fan dialektgeografy is ek Hoekema (1979a) syn artikel oer fjouwer wurden yn it Frysk-Saksyske grinsgebiet: wurden bewege har hin en wer oer de taalgrins, mei de Stellingwerven en de Wâlden as brêgen.

Dialektgeografysk materiaal oer it Frysk is te finen yn ferskate dialektatlassen, lykas de *Taalatlas van Noord- en Zuid-Nederland* (Kloeker, G.G. 1939-81), *Taalatlas van de Wâlden* (Fokkema, 1967), *Taalatlas van Noord-Nederland en aangrenzende gebieden* (Heeroma, K. 1957-63) en het deel Friesland van de *Reeks Nederlandse Dialect-Atlassen* (Boelens & Van der Woude, 1955).

2.4 Strukturalisme

De dialektology krige dêrnei nije ympulsen fan it strukturalisme. It strukturalisme lei folle mear de klam op de taalynterne ûntjouwings en taalsystemen en minder op de romtlike relaasjes en ferliking fan aparte lûden en wurden. Sa koe men sjen litte dat romtlike fariaasje en feroaring dêrfan net allinnich tebek gienen op geografyske dynamyk, dêr't yn de dialektgeografy de klam op leit, mar ek in taalynterne komponint hienen, bygelyks troch it ferienfâldigjen fan ynterne taalsystemen of it weiwurkjen fan asymmetry yn dy systemen. Sa koe in dialekt yn in geografysk oergongsgebiet faak dochs wer as yntern gearhingjend systeem beskreaun wurde. In feroaring yn dat systeem koe dus likegoed as ekspânsje fan ferskynsels fan bûtenôf of as in oanpassing yn it systeem beskreaun wurde.

It ferskinen yn 1961 fan Fokkema syn beskriuwing fan de Fryske fonology (Fokkema, 1971²) – sawat in heale ieu nei it ferskinen fan it wurk fan Ferdinand de Saussure (1916) – hat de oantrún jûn ta ûndersyk fan begjinkloften yn trije dialekten. Fokkema (1961) hat de begjinkloften yn de dialekten fan de Súdwesthoeke ûndersocht. Spenter (1967) docht itselde foar it dialekt fan Skiermûntseach en Van der Meer (1970) beskriuwt de begjinkloften yn it dialekt fan Toppenhuzen (tsjin de Súdwesthoeke oan). Yn alle trije dialekten binne gâns minder begjinkloften as yn it troch Fokkema beskreaune Standertfrysk. Huisman (1970) set in pear skaaimerken fan konsonantyske begjingsgroepen yn it Nederlansk en it Frysk nêstinoar.

Spenter (1970/71) hat ûndersyk dien nei de funksje fan de geslachten yn it dialekt fan Skiermûntseach en it Lânfrysk. Yn it Skiermûntseagersk is de ferdieling fan de geslachten foar in part basearre op semantyske skaaimerken, mear as yn it Lânfrysk.

In dialektyndieling op grûn fan strukturalistyske skaaimerken is der net kaam. Sjoch fierders ûnder: Nije techniken.

2.5 Sosjolingwistyk

Nei de Twadde Wrâldkriich oppenearren har grutte sosjale feroarings en dêrmei de opkomst fan de sosjolingwistyk (sjoch haadstik XI). De klassike dialektology kaam yn 'e lytse loege en it omtinken ferskade nei klassetsjinstellings en oare sosjale skaaimerken lykas as leauwe, slachte en taalhâlding. Dialekten waarden bestudearre as taalfoarm fan bepaalde groepen yn 'e maatskippij. It omtinken ferskade tagelyk fan de taalkundige nei de sosjologyske kant. De dialektyndielingsmetoade dy't by de perioade heart is de saneamde pylkjesmetoade. De dialekten dy't neffens de sprekkers opinoar lykje, wurde op in kaart troch pylkjes meiïnoar ferbûn. Dêr't wite banen oerbliuwe leit dan in dialektgrins. Op Daan har kaart (1969) dy't neffens harsels foar Fryslân basearre is op de pylkjesmetoade sjogge wy de grinzen fan Hof syn kaart krekt werom. Men kin mei Daan fan tinken wol hawwe dat in soad ynformanten Hof blykber koenen!

Troch de gruttere mobiliteit, urbanisaasje en sub-urbanisaasje en de taalwiskeling streektaal – lânstaal waard it patroan fan grutte taallânskippen, sa't dy 50 jier tefoaren noch bestienen, oer de kop smiten. Dat, de tiid wie net sa geunstich foar it bestudearjen fan suver diatopyske fariaasje. Boppedat liet de sosjolingwistyk sjen dat de fiksaasje op de taal fan de legerein te iensidich wie. De iennichste dialektologyske frisistyske bydragen op sosjolingwistysk mêd binne fan Boelens (1980, 1987) en Boelens & Ytsma (1989a/b).

It dialekt fan de Dongeradielen rint der út troch syn brekkingsgefallen, lykas yn *buosse*, 'bûse', *muolle*, 'mûle'. In ûndersyk dat de brekking yn de taal fan Mitselwier by Kloosterman (1907) mei dy fan moderne Mitselwiersters ferliket komt ta de útkomst dat by de jongerein de brekking ôfnimt (Boelens, 1980). It ûndersyk fan 1989(a/b) lit lykwols wol sjen dat it tal brekkingsgefallen, ek by deselde bern, noch oanwint as se âlder wurde. Wol is it sa dat de typysk Dongeradielster brekkingsgefallen hurder ôfnimme as de 'gewoane'.

2.6 Generative Grammatika

De yndividualisearring fan de moderne tiid komt sterk ta utering yn de Generative Grammatika fan Chomsky. Yn de GG stiet de taalkompetinsje fan it yndividu sintraal. It ferklearjen fan sosjaal en romtlik ferskaat is gjin doel fan de GG, mar sok ferskaat kin wol gegevens leverje foar bestudearring fan de universele grammatika, en dan benammen fan it aspekt fan de parametrisearring (ferl. Hoekstra, 1992). Dat wol sokssawat sizze as it systematysk ferskaat dat blykber mooglik is binnen de universele grammatika en neffens de teory beregele wurdt troch saneamde parameters. Fan in bestudearring fan romtlike ferskillen mei help fan GG is yn alle gefallen binnen de frisistyk gjin sprake.

2.7 Nije techniken: opnimtechniken, kompjûter

Net allinnich nije teoryen hawwe laat ta feroarings yn de dialektology, ek nije techniken koenen in oantrún wêze ta feroarjende bestudearring. Yn it begjin fan de 20ste ieu kaam de mooglikheid om lûdopnamen te meitsjen. Eijkman hat mei dy nije technyk fonetysk ûndersyk dien nei de dialekten fan Grou (1907), Hylpen (1913) en Skiermûntseach (1925). Op dialektologysk mêd is datsoarte fan ûndersyk sûnder opfolgers bleaun.

De nijste technyk is dy fan de kompjûter. Klaas van der Veen hat gebrûk makke fan wurdrekwinsjesifers fan it Frysk foar it ferfynjen fan de dialekt-yndieling op basis fan de isoglossemetoade. Hof syn yndieling wie nammentlik net sa objektyf: de Súdhoek-isoglosse (ûntbrekken fan de brekking en palatalisearring fan /u(:)/) is wol in wichtige fonologyske grins, mar dat kin men fan syn Wâldisoglosse (it útspraakferskil /I:/-/ɛ:/ lykas yn *seach*) amper sizze. Van der Veen (1986 en 1994) hat besocht foar it Lânfrysk in objektivere yndieling fan de tsjinwurdige tastân te meitsjen. Hy docht dat troch út te gean fan de 197 meast frekwinte wurden en wurdfoarmen fan it trochsneedapparaat fan de Fryske Akademy. In nije yndielingskaart hat Van der Veen publisearre yn 1994. Hy leit dêr syn metoade nochris út en jout de ferskillen mei Hof oan. Hy dielt it Noardklaaifrysk yn by it Klaaifrysk en net by it Wâldfrysk.

C. & G. Hoppenbrouwers (1993) hawwe de dialekten fan seis Fryske doarpen en stêden behelle yn har struktuergeografysk ûndersyk nei de yndieling fan de Nederlânske dialekten. Hja hawwe in dialektyndieling makke op basis fan de frekwinsje fan fonologyske skaaimerken yn dialekten. Ut it ferlykjen fan allinnich foneemynventarissen hat bliken dien dat soks gjin goede basis foar dialektyndielings jout. Folle belangriker is de fraach hoe faak bepaalde fonemen of fonologyske skaaimerken foarkomme yn in taal. Dat mjitte de Hoppenbrouwers mei har metoade.

Hja komme foar it Frysk ta soartgelikense útkomsten as Van der Veen. Opfallend is wol, mei it each op Siebs syn yndieling fan it Skylgersk, dat by har it dialekt fan Aast it tichtste by dat fan Holwert stiet, wylst dêrnêst Drachten, Grou en De Lemmer in twadde groepke foarmje. De ferskillen tusken beide groepkes binne oars lyts. It dialekt fan Hylpen stiet wat fierder fan beide groepkes ôf. It Skylgersk kin dus net samar apart set wurde fan it Lânfrysk lykas oant no ta dien wurdt. Yn har metoade binne de dialekten fan Boalsert, Kollum en Easterwâlde ing besibbe oan de echte Fryske dialekten. As men betinkt dat har metoade fonologyske skaaimerken mjit, dan hoecht jin dat net te fernuverjen. Benammen foar it Stedfrysk – en dêr kin it Kollumersk ek ta rekkene wurde, jildt dat de fonology grutte oerienkomsten hat mei it Frysk.

Gearfetsjend mei men sizze dat Hof syn yndieling, dêr't er sels al de betreklikheid fan *seach*, oanpassing fertsjinnet. Giet syn Súdhoek-isoglosse noch werom op in fonologysk relevant ferskynsel, de ôfgrinzing fan it Wâldfrysk kin oars, lykas it plak fan Skylge yn de Westerlauwersk Fryske dialektyndieling.

3 Ofsluting

It hear oersjend sjocht men dat fan punt 2.4 ôf net in soad werom te finen is yn de Fryske dialektology. De measte stúdzjes binne of ynventarisearjend of taal-histoarysk of dialektgeografysk. Men kin lykwols fermimme dat de nijere ûndersikers wol omtinken jouwe oan aspekten út nijere streamings.

Guon ûndersikers, lykas Fokkema, Hoekema en Miedema, hawwe har tige útlein op de dialektology mar it wurk oan dialektology is op it stuit beheind en dat wylst njonkelytsen in mannichte materiaal garre is. De ûntsluting fan in wichtich part fan it beskikbere dialektgeografyske materiaal op de Fryske Akademy sil mûlk oan in fierdere stúdzje fan de Fryske dialekten bydrage kinne. Der binne oars noch genôch fragen iepen, sawol mei in histoaryske as mei in syngroane fraachstelling. It dialektlânskip fan Westerlauwersk-Fryslân liket yn ferliking mei bygelyks Noard-Fryslân hiel ienfâldich en de ferskillen lyts, mar de histoaryske fariaasje dy't der west hat, de lûdhistoaryske ôflieding dêrfan, de geografyske, strukturele en sosjale reden foar it ûntstean en feroarjen en tsjinwurdige bestean fan dy ferskillen binne noch fierhinne ûnbekend terrein.

(Ljouwert 1995/1999)

Literatuer

- Ammon, U., N. Dittmar, K.J. Mattheier (1987)
Soziolinguistik, Ein internationales Handbuch zur Wissenschaft von Sprache und Gesellschaft, Berlin/New York.
- Århammar, N. (1968)
'Friesische Dialektologie', yn: L.E.Schmidt (red.) *Germanische Dialektologie, Zeitschrift für Mundartforschung Beihefte* 5, pp. 264-317.
- Besch, W, U. Knoop, W. Putschke, H.E. Wiegand (1982)
Dialektologie, Ein Handbuch zur deutschen und allgemeinen Dialektforschung, Berlin/New York.
- Besch, W, O. Reichmann, S. Sonderegger (1984)
Sprachgeschichte, Ein Handbuch zur Geschichte der deutschen Sprache und ihrer Erforschung, Berlin/New York.
- Bloemhoff, H. (1994)
Stellingwarfs Woardeboek 2, F-K, Oosterwolde.
- Blom, G. (1981)
Hylper wurdboek, Ljouwert/Leeuwarden.
- Boelens, Kr., G.van der Woude (1955)
Dialect-Atlas van Friesland (RND), Antwerpen.
- Boelens, Kr. (1980)
'Wat oer brekking yn it Mitselwierster Frysk sûnt 1900', yn: Ph.H. Breuker e.o. (red.), *Coulonnade*, Ljouwert/Leeuwarden, pp. 21-33.
- Boelens, Kr. (1987)
'Child language aquisition as an indicator of language change in the community: Frisian breaking', yn: *International Journal of the Sociology of Language* 64, pp. 95-106.
- Boelens, Kr., J. Ytsma (1989a)
'Bern en brekking', yn: *It Beaken* 51, pp. 103-114.
- Boelens, Kr., J. Ytsma (1989b)
'Brekking en idioom by Dongeradielster tsieners', yn: A.M.J.Riemersma, e.o. (red.), *Frysk en VU*. Amsterdam, pp. 9-19.
- Boer, B. de (1950)
Studie over het dialect van Hindeloopen. Assen.
- Bopp, F. (1816)
Über das Conjugationssystem der Sanskritsprache in Vergleichung mit jenem der Griechischen, lateinischen, persischen und germanischen Sprache, [...]. Frankfurt am Main.
- Breuker, P. (1973)
J.H. Halbertsma, Gysbert Japicx en de Fryske dialekten. Ljouwert.
- Burg, A.C.B. van der (1991)
Woardeboek fan ut Leewarders. Ljouwert.
- Buwalda, H.S., S.H. Buwalda, A.C.B. van der Burg (1996)
Woardeboek fan 't Bildts en list fan toponimen. Ljouwert.
- Daan, J. (1969)
Van Randstad tot landrand. Amsterdam.

- Duijff, P. (1998)
Wurdlisten fan 'e Fryske stedsdialekten. Ljouwert.
- Eijkman, L.P.H. (1907)
Description phonétique des sons de la langue frisonne parlée à Grouw. Haarlem.
- Eijkman, L.P.H. (1913)
Phonetische beschrijving van de klanken der Hindeloopense taal. Amsterdam.
- Eijkman, L.P.H. (1925)
Phonetische beschrijving van de klanken der Schiermonnikoogsche taal. Amsterdam.
- Fokkema, D. sr. (1968)
Wezzenlist fan it Schiermonnikoogs. Ljouwert/Leeuwarden.
- Fokkema, K. (1937)
Het Stadsfries, een bijdrage tot de geschiedenis en de grammatica van het dialect van Leeuwarden. Assen.
- Fokkema, K. (1961)
 'Consonantgroepen in de Zuidwesthoek van Friesland', yn: *Nei wider kimen, kar út syn forsprate skriften*. Grins, 1968, pp. 238-245.
- Fokkema, K. (1971²)
 'De relevante eigenschappen van de Friese fonemen; de distributie van de Friese fonemen', yn: Cohen, e.o., *Fonologie van het Nederlands en het Fries*. 's-Gravenhage, pp. 112-151 (1961¹).
- Fokkema, K., Spahr van der Hoek (1967)
Taelatlas fan de Wâlden. Assen.
- Grimm, J. (1822)
Deutsche Grammatik I². Göttingen.
- Halbertsma, J.H. (1872)
Lexicon Frisicum A-Feer.
- Hausmann, J., O. Rewichmann, H.E. Wiegand, L. Zgusta (1990)
Wörterbücher, Ein internationales Handbuch zur Lexikographie. Berlin/New York.
- Heeroma, K. (1957-63)
Taalatlas van Oost-Nederland en aangrenzende gebieden. Assen.
- Hoekema, T. (1969)
 'Fan taal en tongslach 2. Ta Siebs syn Westerlauwersk dialektondersyk (1886)', yn: *Us Wurk* 18, pp. 86-99.
- Hoekema, T. (1970)
 'Siebs forgotten optekeningen (1886) en de fonology', yn: Hoekema, T. e.o. (red.), *Flecht op 'e koai*. Grins, pp. 193-199.
- Hoekema, T. (1979a)
 'Fries-Saksisch buurtverkeer verbeeld in vier woordkaarten', yn: *Driemaandelijke Bladen* 31, pp. 79-90.
- Hoekema, T. (1979b)
Lânfrysk-Skiermûntseager wurdlist. Estrikken 56. Grins.
- Hoekstra, J. (1992)
 'Fering tu-Infinitives, North Sea Germanic Syntax and Universal Grammar'. yn: Faltings, V., A.G.H. Walker, O. Wilts (red.), *Friesische Studien I*, Nowele Supplement Vol. 8. Odense, pp. 99-142.

- Hof, J.J. (1933)
Friesche Dialectgeographie. 's-Gravenhage.
- Hoppenbrouwers, C. en G. (1993)
 'De indeling van de noordelijke dialecten', yn: *TABU* 23, pp. 193-218.
- Huisman, J.A. (1970)
 'Over de divergerende ontwikkeling van het Nederlandse en het Friese systeem van konsonantische begingroepen', yn: Hoekema, T. e.o. (red.), *Flecht op 'e koai*. Grins, pp. 204-214.
- Kloeke, G.G. (1939-81)
Taalatlas van Noord- en Zuid-Nederland, fuortset as: *Taalatlas van het Nederlands en het Fries*, Leiden.
- Kloosterman, P. (1907)
Het vocalisme der bekleemtoonde lettergrepen van de Metslawierschen tongval, historisch uiteengezet. Groningen.
- Knop, G. (1954)
De spraakkunst der Terschellinger dialecten. Assen.
- König, W. (1978)
DTV-Atlas zur deutschen Sprache, München.
- Markey, T.L. (1981)
Frisian, The Hague/Mouton.
- Meer, G. v.d. (1970)
 'Toppenhúster Konsonantyske begingroepen', yn: *Us Wurk* 19, pp. 39-43.
- Miedema, H.T.J. (1958)
 'Enkele oude overeenkomsten tussen de dialecten van Hindelopen en Terschelling', yn: *Uit de school van Michels*. Nijmegen, pp. 202-217.
- Miedema, H.T.J. (1972)
Dialecten van de Friese west- en zuidkust. Ljouwert.
- Miedema, H.T.J. (1983)
 'Het Molkwerums dialect van A. Heeroma's woordenlijst uit 1856', yn: *Taal en Tongval* 35, pp. 72-75.
- Miedema, H.T.J. (1986)
 'Kenmerken van het uitgestorven Molkwerums dialect en van het Hindeloopen', yn: *Taal en Tongval* 38, pp. 46-78.
- Oud, A.G. (1987)
Woa'deboek fan ut Amelands. Ljouwert.
- Roggen, C. (1976)
Woordenboek van het Oosterschellings/Wêdenboek fon et Aasters. Ljouwert/Leeuwarden.
- Roggen, C. (1980)
Woordenlijst Nederlands-Aasters. Leeuwarden/Ljouwert.
- Saussure, F. de (1916)
Cours de linguistique générale. Lausanne/Paris.
- Siebs, Th. (1889)
Zur Geschichte der englisch-friesischen Sprache. Halle.
- Siebs, Th. (1901)
 'Geschichte der friesischen Sprache', yn: H. Paul (red.), *Grundriß der germanischen Philologie, Bd. II*. Straßburg, pp. 1152-1464.

- Sjölin, B. (1969)
Einführung in das Friesische. Stuttgart.
- Spenter, A. (1967)
 'Zur Distribution der Phoneme der Schiermonnikooger Mundart', yn: *Us Wurk* 16, pp. 84-86.
- Spenter, A. (1968)
Der Vokalismus der akzentuierten Silben der Schiermonnikooger Mundart.
 Kopenhagen.
- Spenter, A. (1970)
 'Zur Genuskategorie im Neuwestfriesischen', yn: Hoekema, T. e.o. (red.), *Flecht op 'e koai*, pp. 182-188.
- Spenter, A. (1971)
 'Die Genuskategorie in der Schiermonnikooger Mundart', yn: *Us Wurk* 20.
- Steenmeijer-Wielenga, T.J. (1972)
Ds. J. Bakker en het Westerschellings. Ljouwert.
- Taldeman, J. (1992)
 'Sociolinguïstiek en dialectologie', yn: *Thema's en trends in de sociolinguïstiek* 1, pp. 115-130.
- Veen, K. van der (1986)
 'Yndieling en relative ôfstân fan Fryske plattelânsdialekten' yn: *Philologia Frisica* 1985, Ljouwert, pp. 10-60.
- Veen, K. van der (1994)
 'Yndieling fan Fryske plattelânsdialekten', yn: *It Beaken* 56, pp. 1-24.
- Weijnen, A. (1991)
Vergelijkende klankleer van de Nederlandse Dialecten. 's-Gravenhage.
- Wichen-Schol, M. van (1986)
Woddenboek fan et Westers. [Ljouwert].
- Winkler, J. (1874)
Algemeen Nederduitsch en Friesch Dialecticon I. 's-Gravenhage.
- Wurdboek fan de Fryske Taal* (1984-). Ljouwert-Leeuwarden.